

## GEWIKT & GEWOGEN

# Moaie simmerjûnkuier anno 1630

**Gebeurtenis:** *Teatrale Doarspkuier* – Ûnder de Toer voorstelling **Gezien:** 25/5 Ryptsjerk **Concept en tekst:** Margreet de Heer en Hans van Buren **Spel:** Koos van der Wal, Kimberley Piek, Roelof Stielstra, Peter de Boer e.v.a. **Regie:** Hans van Buuren **Publiek:** 150

★★★☆☆

**E**ins fynt de Under de Toer-foarstelling *Yn it skaad fan 'e toer* fan Ryptsjerk pas plak yn oktober, mar it teaterbloed brûst de ynweners fan it doarp sa troch de ieren dat se net langer wachtsje koene. Dit wykein sette in ploech fan mear as santich spilers, sjongers en muzikanten as foarpriuwke fêst útein mei in 'teatrale doarpskuier' fan 4 kilometer troch it doarp en de omkriten.

De earste gong is nei tsjerke,

dê't de beminde leauwigen konfrontearre wurde mei in preek fan heechleraar theology Maccovius. Dizze gelearde losbol fan Poalske kom-ôf lonkt iepenlik nei Antje van Uylenborgh, in âlder suske fan de frou fan Rembrandt. Har heit, de Ljouwerter boargemaster Rombout van Uylenborgh, hie nammentlik net fier fan Ryptsjerk in bûten. Hjir soe Antje ek troud en stoarn wêze. Dat is alteast it ferhaal fan de âlde koster fan it doarp.

Koos fan der Wal makket fan de preek in retoarysk keunststikje. Maccovius hat dan ek in hiel eigen ynterpretaasje fan de predestinaasjeleer. As God alles al fan ús wit en syn oardiel oer ús yn it foar al klear hat, wat 'soe it dan' as wy in misstap begaane? Mei in gjalp fan

ûntsetting echoën syn tiidgenoaten tusken it publyk: 'wat soe it!?'.

Yn in prachtige kuier op in noflike simmerjûn wurdt it publyk traktearre op in rige fan histoaryske tafrieltsjes, oant we by de brulloft fan Antsje en Maccovius telâne komme op it plak fan it âlde bûtenhûs. As gasten genietet it publyk mei fan in dwylsinnich feest. Fierder giet de kuier om krekt foar it doarp oan te sluten by de yndrukwekkende begraffenisstoet fan Antsje, dy't ús werombringt nei tsjerke. Dêr komme we ek werom yn 'e notiid: Antje wurdt Tetje en Moccovius wurdt Chris. Wa witte wol hoe dat it krekt mei dy twa sit, moat nei de foarstelling fan oktober.

HANS BRANS